

## Oertinking: It is foar my te wûnderbaarlik, ik kin 't net witte! (Job 42, fers 3)

Ik wol begjinne mei te sizzen, dat ik it boek Job altyd mar in dreech boek fûn ha. Krekt lykas in soad oare minsken hie ik der muoite mei. Ik haw ek nooit begrepen, dat alle grutte teologen fan earder tiid en hjoed-de-dei Job sa moai fine, dat se der boeken oer fol skreaun hawwe. De fernuvering foar my begjint al by de weddenskip fan God mei satan. God stiet ta dat satan alle bern fan Job fermoardet. Der wurde krapoan 40 haadstikken folpraat troch Job en syn freonen. Dan sprekt God sels út it needwaar en de stoarm en úteinlik krijt Job fan God syn sûnens en syn rykdom wer werom. En nei al dy wurden hie ik it gefoel as hie ik de clou fan it ferhaal net begrepen en koe ik der hielendal gjin grip op krije.

Dat ik no it gefoel haw dat ik der wat mear fan begryp, is te tankjen oan in boekje fan in liberale (liberaal yn de sin fan frijsinnich, net otterdoks) Joadske rabby, dy't yn it boekje "When bad things happen to good people" yn 13 siden in útlis jout, dêr't men as modern minske mei út de fuotten kin. En dy't jin tagelyk wat bybringt fan it respekt en it ûntsach dat de Joaden hawwe foar har (en ús) God.

Dizze oertinking is dan ek foar in grut part basearre op de útlis fan dy rabby, Harold Kushner.

Foardat ik begjin mei de feitlike útlis wol ik earst ta ynliding in pear punten neame, dy't fan belang binne foar it begripen fan Job.

Yn it foarste plak is it goed om te witten, dat de skriuwer fan Job sa't wy dat kenne, reagearret op it wrâldbyld en it godsbyld fan syn tiid. In hiele oare tiid as uzes, want absolút elkenien leaude yn it bestean fan gaden. En yn har almacht om alle dingen op dizze ierde te bestjoeren en te regeljen. De Joaden leauden yn ien God, mar syn almacht stie net ta diskusje. Boppedat wie God in rjochtfearnich God. In gefolch fan dat leauwen wie dan ek, dat alles wat jo oerkaam de wil fan God wie. As jo siik waarden, of as jo in ûngelok oerkaam, dan koe it net oars of God die dat om jo te straffen foar jo ferkearde deden. Fangefolgen koe it fansels foarkomme, dat poerbêste minsken, dy't slim siik wiene, noch siker waarden troch prakkesaasjes oer har skuldgefoelens: "It kin net oars of ik haw wat ferkeard dien".

It sintrale tema fan it boek Job, giet dan ek oer de fraach hoe't de trije neifolgjende útspraken har ta inoar ferhâlde:

- A. God is almachtich;
- B. God is rjochtfearnich en
- C. Job is in goed minske.

Yn it twadde plak wol ik der op wize, dat Job in learferhaal is, in gelikenis om ús wat te fertellen en wat by te bringen. Sokke ferhalen steane der mear yn de Bibel. Ek Ruth en Jona binne learferhalen en se hearre ta de moaiste fan de hiele Bibel. By Ruth en Jona giet it der bygelyks om oft it boadskip en it heil fan Jahweh ek foar net Joaden bedoeld binne. Is Gods heil en leafde en ferjouwing fan skuld ek mooglik foar minsken dy't net Joad binne? Foar ús as net Joaden is it antwurd op dy fraach sels fan libbensbelang. Sûnder dêr fierder op yn te gean, sil jim dúdlik wêze, dat de skriuwers fan Ruth en Jona dêr JA op sizze. Ruth de Moäbityske wurdt letter sels opnommen yn de geslachtsregisters fan David en Jezus, om 't de minsken fan letter tiid net mear yn de rekken hiene dat it om in learferhaal gong.

Mei alle respekt foar minsken, dy't alle ferhalen yn de Bibel noch foar letterlik wier oannimme, hat it foar my persoanlik in grutte ferromming west om te witten, dat it om learferhalen giet. De weddenskip fan God mei satan is net wier bard, mar it is in folksferhaal, dat de skriuwer brûkt om nei te tinken oer it godsbyld fan syn tiid, dêr't er net mei út de fuotten kin. Minder sinfolle diskusjes oer hoe't Jona trije dagen oerlibje kin yn de mage fan de walfisk binne net mear nedich.

En des te better kinne wy ús konsintrearje op it werklike boadskip fan dizze ferhalen.

Yn it tredde plak wol ik koart noch wat sizze oer hoe't Kushner it ûntstean fan it boek Job sjocht.

Fansels komme wy hjir wittenskiplik besjoen op glêd iis, want it kin nooit oars wêze as in rekonstruksje fan wat der mooglik bard wêze kinne soe, mar sa't de Joaden sels sizze: "Fan elk bibelwurd binne santich útlizzen mooglik en alle santich binne se wier."

Neffens de gelearden moat it boek Job, sa't wy dat kenne, basearre wêze op in folksferhaal.

In soarte fan ferhaal mei in moraal, dat ferteld waard om de minsken te sterkjen yn har leauwen en godstsjinst. It is trouwens dúdlik te sjen, dat it om in mearke giet, om in “Der wie ris . . . ” ferhaal, want de haadpersoan Job is sa goed en sa perfekt, dat elkenien daalk witte kin, dat men mei in net besteand persoan te meitsjen hat.

Dat folksferhaal begûn op deselde manier as it bibelboek mei de weddenskip tusken God en satan, Job dy't alles ferliest en slim siik wurdt. Yn it folksferhaal is it dêrnei – lykas yn alle folksferhalen – folle simpeler as yn it boek wat wy kenne: Jobs frou jout him it advys om God te ferflokken en syn freonen riede him oan om syn leauwen en frommens mar oerboard te goaien as dit it risseltaat fan al syn frommens is. Mar Job hâldt fêst oan syn leauwen oan God en úteinlik ferskynt God oan Job en beleannet Job foar syn leauwen en trou troch him noch riker te meitsjen as fantefoaren.

De moraal fan it ferhaal is dúdlik: wat der ek barre mei, hâld fêst oan dyn leauwen yn God. Foar alles wat der yn dyn libben bart, hat God in goeie reden en ast mar fêst hâldst oan Him, dan komt alles wol wer goed. “En se libben noch lang en gelokkich” sil ek destiids wol de ein fan dit folksferhaal west hawwe.

Ferhalen lykas dizze wiene der eartiids by de rûs en se waarden trochjûn fan generaasje op generaasje. En hiele rigen minsken sille der sûnder mis treast by fûn hawwe.

Mar de anonime skriuwer fan Job koe der net mei út de fuotten. Wat is dat foar in God dy't ûnskuldige bern deadzje lit en Job yn it lijen stoart om in weddenskip fan satan te winnen? Is bline hearrigens oan God dan de heechste wet foar ús en mei Job dan net protestearje tsjin it ûnrjocht dat him oerkommen is?

De skriuwer fan Job hat sa ferûntweardige west oer dit âlde ferhaal, dat er it sels wer skreaun en hielendal binnenste bûten keard hat. Hy hat it himsels dêrby net maklik makke, want hy wie in filosoof fan nivo. Hy wie in yntelligint man, in dichter mei in grut gefoel foar taal, dy't Job skreaun hat yn sierlike, dichterlike taal. In taal dy't tûzenen jierren letter faak amper te begripen is en op ferskate manieren út te lizzen. Oersettings fan Job binne dêrom faak ek hiel ferskillend.

Om ien foarbyld te neamen: de útspraak “Ik sil ûntsach hawwe foar God” kin likegoed oerset wurde mei “Ik sil gjin ûntsach hawwe foar God”. En der is mei gjin mooglikheid efter te kommen wat de skriuwer krekt bedoeld hat. Dat moat alhielendal út de kontekst opmakke wurde.

In oar punt dêr't de skriuwer it himsels net maklik makke hat, is dat er alle stânpunten en arguminten earlik nei foaren bringt. It is dúdlik te fernimmen, dat de skriuwer mei Job meifielt, mar dochs bringt er de mienings fan Job syn freonen goed trochtocht nei foaren. Pas oan de ein fan it boek Job is hiel hoeden en subtyl oanjûn hoe't de skriuwer der sels oer tinkt, mar dochs set er alle arguminten, ek al binne it sines net, klear en dúdlik op in rychje. Fangefolgen wurdt men as lêzer hinne en wer slingere fan it iene stânpunt nei it oare.

Lit ús dan no ris besjen wat de skriuwer fan it “nije” Job krekt feroare en oanpast hat yn syn ferhaal.

Yn it earstoan liket it as folget hy it oarspronklike ferhaal frij krekt. It wurdt wat moaier en langer sein as yn in mûnling ferhaal mooglik is, mar de freonen fan Job besykje Job, dy't syn bern ferlern hat en dy't deasiik is, te treastgjen. Yn wêzen ferkundigje se alle tradisjonele en fromme dingen út it oarspronklike ferhaal: reitsje dyn leauwen net kwyt troch al dizze rampen. Wy hawwe in leafhawwende God yn de himel en Hy sil der foar soargje dat de goede minsken it goed hawwe en dat de ferkearden straft wurde foar har ferkeardens.

Ik wit net hoe't it jim giet, mar by it lêzen fan sokke wurden, krij ik it suver benaud. Want hoe faak wurde ditsoarte fan goed bedoelde opmerkings net makke om minsken wer moed yn te sprekken? Ynienen sjocht men hoe leech en hol dizze wurden binne as wy se ôfsette tsjin it leed wat Job oerkomt. En wat minsken de wrâld oer en de tiden troch oerkomt. Ek by Job sille se oankommen wêze as krige er in slach mei in moker. Hoesa soarget God der foar dat it de goede minsken goed giet en dat de ferkearden har straf krije? Wolle syn freonen dêrmei sizze dat myn bern ferkeard wiene en dat se dêrom no dea binne? Bedoele jim dat iksels ferkeard west haw en is dat de reden, dat my dit oerkomt?

Wat haw ik dan dien, dat safolle slimmer is as wat jimme dogge, dat ik dit te ferduorjen krij? De freonen binne fansels ferbjistere oer dizze útbarsting fan har freon. Har antwurd is, dat net ien ferwachtsje kin, dat God him seit wêrfoar oft er straft wurdt. Neffens de freonen hat God it

fierstente drok mei it bestjoeren fan de wrâld om listjes by te hâlden fan de kearen dat minsken lige of in bidler mei lege hannen fuortstjoere. Wy kinne der allinne mar fanút gean dat net ien perfekt is en dat God wit wat er docht. As wy dêr net mear fan útgean kinne, wurdt de wrâld in gaos, dêr't net in minske mear yn libje kin.

Mar Job lit him net sa maklik fan de sokken prate. Hy bewear ek net dat er perfekt is, mar hy seit dat er mear as de measte oare minsken besocht hat om goed en fatsoenlik te libjen. Hoe kin God in leafhawwende God wêze as hy de minsken aloan beloert om har te betraapjen op de lytste flater of ferkearde died en har dêr dan daalk op te pakken en swier te straffen? En hoe kin God rjochtfeardich wêze as kloften oare minsken lang sa swier net straft wurde as Job.

De toan fan de diskusje wurdt hieltyd lulker en skerper. De freonen fan Job sizze: Job, do hast ús foar de gek hâlden. Wy tochten datsto like from en godstsjinstich wiest as wy, mar no sjogge wy datsto heechmoedich en arrogant bist en in godslasterer. Gjin wûnder dat God dy dit oandocht, want God lit Him net foar de gek hâlde.

Trije omgongen lang duorret de diskusje. Job bringt syn miening nei foaren en de freonen ferdigenje God. Of better sein, se ûnderskriuwe de gongbere teologyske dogma's. En dan docht de skriuwer ûnferwachts in briljante set. Hy lit Job in berop dwaan op de bibelske strafwetjouwing. Want as in man beskuldige wurdt fan in misdied sûnder dat dy bewiisd wurde kin, mei er swarre dat er net skuldich is. En as de oanklagers dan net mei bewizen komme kinne, dan moatte se har oanklacht ynlûke. Hiel haadstik 31 swart Job dat er ûnskuldich is.

Hy stelt dat er de earmen altyd holpen hat, noait wat stellen hat en dat er him noait fermakke hat oer de ûndergong fan syn tsjinstanners.

Hy daget God út om mei bewizen te kommen of om ta te jaan dat Job gelyk hat.

Foardat ik no fierder gean mei it ferhaal, wol ik earst wer werom nei wat ik yn it begjin it sintrale tema fan Job neamd haw. Hoe moatte wy oan mei de 3 folgjende útspraken:

- A. God is almachtich;
- B. God is rjochtfeardich en
- C. Job is in goed minske.

Út it foargeande sil jim dúdlik wurden wêze, dat de freonen fan Job de maklikste útwei kieze: God is almachtich en rjochtfeardich, dus kin it net oars of Job is folle minder goed as wy tinke en God straft him dêrfoar. De freonen fan Job wolle der net iens oan tinke, dat it mooglik oars wêze koe, want dan soene se har hiele wrâldbyld op de kop sette moatte.

En wat docht Job sels? Hoe komt hy út dit dilemma? Job sit der swier trochhinne, mar hy wit ien ding seker: hy is gjin kwea en ferkeard minske. Hy is miskien net folslein en perfekt, mar hy is hoe dan ek net safolle minder as alle oare minsken, dat er **dit** fertsjinne hat.

As bern fan syn tiid leaut er dat God alles foar it sizzen hat, dus hy kiest der foar om opsje B ferfalle te litten. God hoecht net altyd rjochtfeardich te wêzen. Yn haadstik 9 seit Job oer God: "Skuort Er wat fuort, wa kin him keare, wa seit tsjin him, wat hawwe Jo no by de ein?"

Job komt by himsels ta de konklúzje dat wy yn in ûnrjochtfeardige wrâld libje. Der is wol in God, mar dy is net bûn oan de beheining fan rjocht en rjochtfeardigens.

En ik moat tajaan, dat dêr wol wat yn sit. Filosofysk soe men it sa sizze kinne: God kin der foar kieze om rjochtfeardich te wêzen en minsken te jaan wat se fertsjinje troch de goddeleazen te straffen en de rjochtfeardigen te beleanjen. Mar kinne wy no sizze, dat God fangefolgen altyd rjochtfeardich wêze **moat**? Soe God noch wol almachtich wêze as wy, troch deugdsum te libjen, Him twinge koenen om ús te beskermjen en te beleanjen? Ik neam even in pear foarbylden om sjen te litten hoe't God syn rjochtfeardigens dus **net** wurket:

- Frou X stjoert de kollekte fan it Kankerfûns foarby, dus krijt se fjirtjin dagen ekstra rimmetyk;
  - Piter hat hjoed op besite west nei syn âlde beppe: promoasje op it wurk;
  - Aaltsje hat hjoed mei belangstelling nei in oare man sjoen as har eigen: ûntslach by de baas.
- Sa soe ik noch folle mear foarbylden jaan kinne, mar jim begripe wol wêr't it om giet.

Gods syn rjochtfeardigens en gerjochtichheid wurket op in oare manier as wy minsken oait neikomme kinne,

Mar wat is no it antwurd fan ús anonime skriuwer fan dit boek op it riedsel fan it ûnrjocht yn dit libben? It is wierskynlik dat er syn antwurd yn de mûle fan God leit as Dy út de stoarm wei sprekt, want dat is de klimaks fan syn boek. Wat stiet dêr no krekt?

Dêrom pak ik de tried fan it ferhaal wer op it plak dêr't Job God útdaget om mei bewizen te kommen foar wat er misdien hat en as God sels fanwegen komt mei in earste antwurd.

Yn it ûnwaar komt God sels nei de ierde om Job te antwurdzjen, allinne, hy hat it hielendal net oer de saak fan Job. God leit Job net út wêrom oft er lije moat en hy jout Job ek gjin listje mei syn misstappen der op.

Ynstee dêrfan seit er eins mar ien ding: witsto wol wat it is om in wrâld te bestjoeren?

Wêr wiesto, doe't ik de fûneminten fan 'e ierde lei? Witsto de wetten fan 'e himel?

En yn haadstik 40, it stik dat wy lêzen hawwe, seit Job dan: "Ik moat my stil hâlde. Ienkear haw ik it wurd fierd, ik doch it net wer; twa kear sels, mar ik gean der net mei troch!

Dan nimt God it wurd wer en dan komme wy by ien fan de krusiale stikken fan dit boek.

Ik lêse se noch ris:

"Jou acht op elk dy him opblaast en slach him del,

jou goed acht en meitsje him lytsman,

ferslach de kweadoggers op slach en stuit!

Bestopje se mei-inoar ûnder it stof,

triuw har troanjes yn in tsjustere hoale!

Dan sil Ik dy ek priizje,

Want do hast nochris wat út it stee set!"

It is krekt as lit de skriuwer God sizze: "Kinste it better as ik? Sels Ik ha der somtiden muoite mei om de wrâld yn it rjochte spoar te hâlden en soesto it better kinne?. Graach, dan sil Ik dy ek priizje!"

God docht blykber wat Er kin om de minsken yn frede en lok libje te litten, mar somtiden kin sels Hy dêr net foar soargje. Hy is blykber net de "Grutte Yngriper" dy't wy oproppe kinne en dy't dan de kadootsjes útdielt, dêr't wy om freegje.

Yn haadstik 41 beskriuwt God dan it grutte seemeunster, de Leviatan, dat by de Joaden it symboal wie fan de tsjustere machten fan de see en de ôfgrûn. It is krekt as seit de skriuwer ek hjir wer: it kostet sels God in soad muoite om dizze tsjustere machten yn betwang te hâlden, sadat se de minsken gjin kwea dwaan kinne.

Mei oare wurden: de skriuwer fan dit boek kiest der foar om – hiel subtyl en hiel hoeden, want in Joad nimt de namme fan God net lichtfeardich op 'e lippen - te leauwen yn de goedens en yntegriteit fan Job (en oare minsken) en yn de goedens fan God, mar hy is ree om syn leauwen yn stelling A (de almacht fan God) op te jaan. Kweade dingen treffe goede minsken yn dizze wrâld, mar dat is net Gods wil.

Yn dizze wrâld krije minsken ûngelokken. Der oerkomt ús fan alles. Mar as it bart, betsjut dat net, dat God ús straft foar wat wy ferkeard dogge. Foar guon minsken sil dizze konklúzje oer de almacht fan God in gefoel fan leechte oproppe. Want yn sekere sin helpt it ús om te leauwen yn in almachtige God, dy't garant stiet foar in earlike behandeling yn dit libben en in happy end oan de ein. Lykwols, elkenien dy't de praktyk fan dit libben besjocht, wit dat it yn de praktyk fan dizze wrâld faak sa net wurket.

Om in foarbyld te neamen: wy hjir yn Earnewâld ha neat dien om in libben yn it rike, wolfarrende Westen te fertsjinjen; likegoed ha de minsken yn Afrika net sa min west, dat se 50 jier honger en oarloch fertsjinne hawwe.

Foar in soad minsken sil it net maklik wêze om har leauwen yn in alwize, alwittende, almachtige God te feroarjen. Foar mysels is it in opluchting om te leauwen dat it net God is, dy't ús samar fan alles oerkomme lit. As God in god fan gerjochtichheid is, en net fan almacht, kin Hy noch altyd oan ús kant stean as ús wat slimms oerkomt. Ús ûngelok is net Syn wurk en dus kinne wy nei Him ta mei ús fertriet en ús soargen. Wy hoege ús dan net mear fêst te hâlden oan yrrreële ferwachtings oer Him dy't dochs noait útkomme sille. Ynstee fan God de skuld te jaan fan ús ûngelok, fan sykte, ûnrjocht en dea meie wy witte dat God oan ús kant stiet.

Yn it boek "Nacht" fan Eli Wiesel beskriuwt er op seker stuit de eksekúsje fan in tal minsken troch ophingjen yn in konsintraasjekamp. Ik fertel dit even út myn ûnthâld wei, want ik haw it sels noait lêzen, ik haw it ris heard yn in preek. De minsken yn it kamp waarden twongen om sokke eksekúsjes mei te meitsjen en ien fan de minsken dy't ophinge wurdt, docht der tsien minuten oer om dea te gean en soks is in griis om oan te sjen.

len fan dy taskôgers seit dan: "O God, lit dit ophâlde, lit him deagean".  
In oarenien seit dan sokssawat as "Ik wol net leauwe yn in God dy't soks barre lit".  
En in tredde antwurdet him dan wer en seit: "It is God sels, dy't dêr hinget en lijt".

Ik leau sels yn in God dy't it ferskriklik fynt as minsken lije. Yn in God dy't mei ús meilibbet as ús yn dit libben fan alles oerkomt. Yn dizze oertinking haw ik dêr, holpen troch de skriuwer fan Job en in Joadske rabby wat oer tocht en sein. Yn it ferhaal fan Wiesel wurdt dúdlik dat minsken hiel ferskillend tsjin God oansjogge. As de helper en yngriper, as in wrede God dy't minsken ûnmeilydsum lije lit, miskien sels as in God dy't hielendal net bestiet en immen oars sjocht God as de lijende God.

Wy moatte ús realisearje dat wy minsken binne en God noait hielendal befiemje en ferklearje kinne. Krekt lykas in fisk of in hûn noait in minske begripe kin, sille wy noait God hielendal begripe, útlizze en neikomme kinne. Ik sis dat no wat cru, mar dat doch ik om oan te jaan, hoefier oft de ôfstân is tusken God en minsken. Ik soe ek sizze kinne: hoe fier oft God ferheven is boppe de minsken en har beheinde tinkwrâld.

Likegoed hawwe kloften minsken besocht God, Jezus en de Trije-ienheid te beskriuwen en fêst te lizzen yn leauwensbelidenissen, dogma's en kategismussen. En as oare minsken dat net leauwe woene, wiene it kettters en waarden se bytiden by miljoenen fermoarde. Dizze oertinking wie in filosofyske, analytyske oertinking oer it wêzen fan God en it lijen yn dizze wrâld. Dizze oertinking is net bedoeld as in nij dogma, mar as in oantrún om sels nei te tinken oer God en ús leauwen yn Him. Benammen ek om't ik der wis fan bin, dat eigen stúdzje en sels neitinken mear helpt as it oanhearren fan preken fan oaren.

Doch moatte wy ús der bewust fan wêze en bliuwe, dat wy net it lêste wurd sprekke kinne oer it mystearje fan God en dêrom wol ik beslute mei de wurden fan Job, dy't ek boppe dizze oertinking steane, as er seit:

**It is foar my te wûnderbaarlik, ik kin 't net witte!**

Amen.